

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum



© Foto: kolleksje Fries Scheepvaartmuseum Snits

Pasveer

Tsjalhuzum 2 en 3

Al iuwenlang komt de namme “ Pasveer ” foar ûnder Tsjalhuzum. Oan de râne fan de Middelsee wie hjir in fearferbining mei it doarp Hartwert oan de oare kant. Yn it boek “ Binnendiken en Slieperdiken yn Fryslân ” fan Rienks en Walther stiet dat tichtby in âlde seedyk fan de Middelsee oan de noardwestkant fan Tsjalhuzum in buorkerij stie dy’t “ Pasveer of Pasfear ” neamd waard.

Kerst Huisman omskriuwt yn in artikel yn de Ljouwerter Krante fan 26 augustus 1999 de betsjutting fan de namme “Pasveer”.


Part út it artikel fan Kerst Huisman:

“ Der binne of wiene lykwols mear Pasveers. Ek in buorkerij by Tsjalhuzum hjit sa. Op it earste each docht de namme tinken oan de oantsjutting foar in fear dat minsken oerset fan de iene kant nei de oare kant fan it wetter. It soe yn guon gefallen wol kinne. De herbergen yn Warkum en Boalsert stiene oan it wetter en der kin dêr bêst in fear west ha. By Pasveer yn Loëngea en Tsjalhuzum wurdt it al wat lestiger. Loëngea leit net fier fan de ‘Sneeker Trekvaart’, mar der is op koarte ôfstân fan Pasveer al sûnt minskeheugenis in brêge, dat in fear dêr yn’e feart liket net sa logysk. Maar by Tsjalhuzum leit en lei hielendal gjin feart, dêr wie wis ek net in fear “


Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

Tsjalhuzum wurdt yn 1381 foar it earst neamd as Tialhusum en lei doe al net mear oan it wetter.



As de Middelsee ynpoldere wurdt, ferliest de buorkerij de namme “ Pasveer “ en sil letter bekend wurde ûnder de namme “ Foekema State “



Kaart kadaster



Yn 1473 wurdt de Tjalhuizumer leane al neamd as Tijallahuustera.

Yn it “ Register van Aanbreng uit 1511” wurdt ûnder Tiallahuijssum neamd “ Het oude veer“


Refiner Lowssz meijer.: Item xvi ponden graslandt, genoempt die grote fenna, die oostereijnd lopt op an Gosselix Janssz huijs , **die westerside lopt an die olde veer.**

Yn it Floreen cohier fan Tsjalhuzum fan 1798 stiet ûnder nûmer 7:

Hessel Johannes voor ½ en Gerrit Jenties in qlt als curator over de kinderen van Jetze Bouwes voor ½ Eig. en Wybe Jans bruiker van een zathe groot vijf en veertig p/m de Rijdweg ten noorden Hinne Anskis en Oniedes ten zuiden en oosten en Jelle Wiglama

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum



It floreen cohier waard eltse tsien jier opmakke. By tuskentiidse feroaringen waard der in notysje taheakke by it oanbelangjende nûmer.

By nûmer 7 stiet de notysje dat de sate yn trije parten ferkocht is en dat Gerrit Okkes eigner en brûker is fan 1 p /m (pûnsmiet, 3 pûnsmiet is hast in hektare)

No 7	Doeke Jetzes	E. en Br van	34 pondm.	17 fl					
	Jelle Wybes Br.	Wed. Hilbrand Rintjes	---	//	---	10	--//--	5fl	Gerrit
	Okkes	---	//	---	1	--//--	1 fl		

(E= eigner, B= brûker, fl=floreen, de munt dêr't de belesting foar it lân mei betelle wurde moast)

By dizze notysje stiet gjin jiertal, dat it is net bekend wannear't dizze feroaring foarfallen is.

Lykwols, yn'e krante stiet dat de buorkerij yn 1808 ferkocht is. Boppeneamde notysje sil grif makke wêze n.o.f. dit barren.

Vriesche courant 17-12-1808

De Secretaris W. MEURS, zal op Dingsdagen den 6, 13 en 20 December 1808, by de Beschryving, provifioneele en finale Palmflag, telkens 'snademiddags 2 uur, ten huize van de Castelein Jan Dalsma, in de Herberg de Witte Arend te Sneek, publiek by Strykgeld præsenteren te Verkopen: Een heerlyke ZATHE en LANDEN, met HUIZINGE, SCHUUR en HOVINGE cum annexis, staande en gelegen onder den Dorpe Tjalhuizum, groot 45 Pondematen, alle uitmuntende Greidlanden, bezwaart ten Floreen Cohiere op No. 7. met 23 Dyksfloreen, by Jelle Wybes en Feikje Tjeerds, Egtel. Huislieden in Huurgebruik, tot St. Petri en 12 Mei 1809, en als dan vry van Huuringe te aanvaarden, — en zulks in Percheelen, breder by Billetten gspecificeerd.

Dat, út dit berjocht docht bliken dat de buorkerij, **ten Floreen Cohiere op No. 7**, ferkocht is oan trije eigners lyk as beskreaun yn de notysje by it floreen cohier út 1798 en dat Gerrit Okkes ein desimber 1808 eigner wurden is fan in perseel fan ien pûnsmiet.

Pasveer yn Tsjalhuzum

DORPSCANON
Lokale geschiedenis, lokaal verteld

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

Op 27 desimber 1811 nimt Gerrit Okkes, wenjend yn Tsjalhuzum, de namme Hoekema oan en ferklearret: “Dat hij heeft noch kinderen noch kleinkinderen.”

Gerrit en Trijntje krije nei it ferstjerren fan Wimke noch Femke, Geertje, Okke en Hendrik, dy’t alle gearre yn de herberch fan Tsjalhuzum berne wurde.

De herberch “Pasveer” is yn 1818 noch eigendom fan Gerrit Okkes de Boer (= Hoekema).

Tsjalhuzum 1818 Floreen Nûmer 7

*Doeke Jetzes Tolsma Eig en Br. van vier en dertig pondematen, de wed. Hilbrand Rintjes Eig. en Douwe Jans Bosma Br. van tien pondematen en **Gerrit Okkes de Boer Eig en Br van een pondematen**. Het eerste perceel de wed. H Rintjes met name Pietje Hanes ten oosten, Gerrit Okkes ten westen, Simke Pieters ten zuiden, en de rijdweg ten noorden. Het tweede perceel H. Oneides ten oosten, Doeke Jetzes ten westen en de Rijdweg ten zuiden en noorden. Het derde perceel Doeke Jetzes ten oosten de Groene Dijk ten westen en Simke Pieters ten zuiden en noorden*

Opm: Doeke Jetzes neemt in 1811 de naam Bouwma aan maar wordt hier Tolsma genoemd.

Yn de LC fan 06-04-1827 stiet:

“Eene hechte HUIZINGE en HERBERG, met derzelver ERF en verdere annexen, staande en gelegen onder den dorpe Tjalhuizum, bij Gerrit Okkes Hoekema, laatst bewoond geweest en met er dood ontruimd; den 12 mei 1827, voor den kooper te aanvaarden”

As Gerrit Okkes Hoekema op 77-jierrige leeftyd ferstjert, is Trijntje Hendriks 36 jier. Ze wurdt “kasteleinsche” yn de herberch fan Ysbrechtum. Op 18 septimber 1827 trout se mei boere-arbeider Sjoerd Pieters Faber dy’t ek yn Ysbrechtum wennet.

Wiebe Gerbens Terpstra, boer yn Tsjalhuzum en trouw mei Antje Feddes, ferstjert op 30 july 1826 op 57-jierrige leeftyd. Harren soan Fedde Wiebes Terpstra keapet út namme fan syn mem de herberch ‘Pasveer’ foar in bedrach fan fl 1395,75.

Widdofrou Antje Feddes giet der net sels hinne te wenjen, mar ferhiert de wenning oan twa húshâldingen. Ien fan de hierders is Gerrit Bokkes de Boer dy’t yn 1823 trouw is mei Jitske Sybrens Spiering. Op 26 maaie 1833 wurdt Bokke Gerrits de Boer berne.

Widdofrou Antje Feddes bliuwt boerinne en is neffens it kadaster yn 1832 ‘eigenaarsche’ fan de eardere herberch.

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

Kadaster: 1832 Plak: Nijlân

Minuutplan: Nijland A4

Eigenaar: de weduwe van Wijbe Gerbens Terpstra (landbouwersche) wonende te Tjalhuizum.

Perceelnr. In gebruik als Oppervlakte m² Klasse Belasting

393 Huis en Erf 410 1 45

394 Bouwland 2880 1

Yn 1834 docht Antje Feddes it hierkontrakt fan de buorkerij offisjeel oer oan har soan Fedde Wiebes en ferhuzet nei Ysbrechtum. Se bliuwt oant oktober 1837 eigneresse fan de âlde herberch.

Notaris: Jan Jacobus Wiersma Kantoar: Snits, 21 oktober 1837

Notaris akte van verkoop door Antje Feddes wonende te IJsbrechtum

Ligging vastgoed: Tjalhuizum / een huizinge en herberg / Bedrag: koopsom

fl. 1450

Koper in kwaliteit: Simon Pieters Spoelstra als kerkvoogd / wonende te Tjalhuizum

21 oktober 1837

Antje Feddes weduwe van Wybe Gerbens Terpstra zonder opzettelijk bedrijf te IJsbrechtum woonachtig verkoopersche ter eener. En Simon Pieters Spoelstra boer wonende te Tjalhuizum in kwaliteit als administrerend kerkvoogd van den dorpe en zodanig mede agerende en de rato Gevende voor de mede kerkvoogden den hoog welgeboren heer Sjuk van Welderen Baron Rengers Lid van de tweede kamer der Staten Generaal en Grietman van Wymbritseradeel te IJsbrechtum woonachtig en Emke Rientzes Rienstra boer te Tjalhuizum Kooper te andere Zijde .

De welke bij deze tegenwoordige akte ... in koop aan te nemen

Eene Huizinge en Herberg met derzelve Erf tuin en verdere annexen staande en gelegen onder den dorpe Tjalhuizum belast op nummer zeven te Tjalhuizum met een floren en bekend op den perceel gemeente Nieuwland sectie A nummer 393 en 394 thans door Gerrit Bokkes de Boer en Pieter Hanzes (Elsinga) als huurders in gebruik hebbende tot naastliggers ten oosten de Rijdweg ten noorden de Groenendijk ten zuiden en westen Feetzes Goingarijp

De tsjerke fan Tsjalhuzum keapet de herberch en sil dizze as dûbele wenning ferhiere.

Bokke Gerrits de Boer (soan fan âld hierder Gerrit Bokkes) trout op 9 oktober 1858 mei Fetje de Jong. Se sette har ta wenjen yn Nijlân. Fetje ferstjert op 16 maaie 1867 en lit Bokke efter mei seis bern. Bokke trout op'e nij op 27 jannewaris 1871 mei Rigtje Gerkens Walinga. Yn Nijlân krije se fjouwer bern. Yn 1875 ferhúzje se nei de herberch yn Tsjalhuzum. Hjir krije se noch sân bern.

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

KERKVOOGDEN *van de dorpen Tjaluizum en Tirns* roepen bij deze Floreenplichtigen op ter vergadering, die van Tjaluizum op Donderdag den 27 Februari, 's morgens ten 11 ure, ten huize van Bokke de Boer te Tjaluizum, en die van Tirns op Vrijdag den 28 Februari a. s., 's morgens ten 11 ure, ten huize van Klaas Jans Jeltema, ten einde:

- a. het nazien der Rekening over het afge-loopen en het opmaken der Begrooting voor het volgende jaar;
- b. te behandelen wat verder ter tafel zal worden gebracht.

J. T. VAN WELDEREN Baron RENGERS.

H. S. WIARDA. J. H. NAUTA.

A. S. RUSTICUS. B. J. SITENGA.

A. S. RUSTICUS

LC 17-02-1879

De tsjerkfâden brûke de herberch fan Bokke de Boer as gearkomsteseal.

Bokke Gerrits wurdt hjir Bokke Jans en Pasveer wurdt "t Pasver" neamd

LC 30-01-1880

KERKVOOGDEN *der Herv. Gemeenten te Tirns en Tjaluizum* roepen bij deze op de Herv. Floreenplichtigen dier Dorpen ter Vergadering, die van Tirns op Vrijdag den 20sten Februari, 's voormiddags te 11 ure, ten huize van Klaas Jans Jeltema aldaar, en die van Tjaluizum op Zaterdag den 21sten Februari a. s., 's voormiddags te 11 ure, ten huize van Bokke Jans de Boer, in 't „Pasver" aldaar, ten einde:

As Baukje Bokkes de Boer trout yn 1893 is har heit Bokke Gerrits kastlein yn de herberch "Pasveer" yn Tsjalhuzum.

Baukje de Boer — en —
oud *achtentwintig* jaren, geboren te *Nijland*.
— van beroep *boerenmeid*
wonende te *Tirns*.
— meerderjarige dochter van *Bokke de Boer* van beroep *kastlein*, wonende te *Tjaluizum*, hierbij tegenwoordig en zijne toe.

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

De bern Gerke Bokkes, Tjitske Bokkes en Cornelius Bokkes de Boer binne emigrearre nei Quincy, Norfolk, Massachusetts, United States. Der binne foto's nommen fan Bokke en Rigtje by de herberch yn Tsjalhuzum mei trije fan harren bern, nei alle gedachten foar de oerseeke famyljeleden.

foto Tresoar



foto Tresoar

Bokke en Rigtje middenmank harren bern mei op de eftergrûn de Tjalhuizumerleane.

Op it boerd stiet :

Tsjalhuzum, 16 sept, 1900

Bokke Gerrits wie agint foar kealle-iten en waskmiddel foar skiep

LC 22-05-1901

KALFROOM. 

Voeding voor jonge Kalveren.

Fokken zoowel als mesten. Voordeeligst gebruik van afgeroemde Melk en Karnemelk. Eenvoudige bereiding. — Blank Vleesch.

FOKMELK. Na in de eerste dagen de jonge Kalveren het normaal Kalfvoeder te hebben gegeven (zie gebruiksaanwijzing), wordt aan Fokkalveren verder de eigenlijke „FOKMELK“ gegeven, samengesteld uit: 200 gram Kalfroom opgelost in 1 liter Water, waarbij men 20—35 liter Centrifuge-Melk voege, al naar het Kalf ouder wordt, dus meer magere of Karnemelk nemende.

DUTCH CREAM COMPANY te Delft.
Verkrijgbaar in bussen van 5 kilo en 10 kilo bij den Hoofd-Agent voor Friesland
D. DE BOER Sz., Schrans 62d, bij Leeuwarden.

K. Tjilsenda, Baard.	R. Wilma, Oosterwolde.	D. Rollema, IJlst.
Joh. Meintema, Mantgum.	S. Visser, Ried en Boer.	K. Zwaga, Wijnjetorp.
W. Bouwes, Oosterneer.	G. Jonker, Roordahuizum.	G. v. d. Weide, Noordwolde.
K. Boersma, Sneek.	B. de Boer, Tjalhuizum.	F. A. Hoeksma, Zwaagw.
S. Leijenaar, Wittenard.	W. Grunstra, Olthoff.	

LC 13-05-1901

**Het meest gezochte,
het beste en het goedkoopste
Waschmiddel**
— VOOR SCHAPEN —
— is en blijft het — — —

**Universeel Hollandsch
Waschmiddel**
van ROMEIN en OUDENHOVEN.
Verkrijgbaar in blik
voor 5, 10 en 20 Schapen,
BIJ VTM

T. JELLEMA te Leeuwarden
Hoofdagente van Friesland;
te Dokkum bij D. K. Jongsma.
Twijzel, G. Noordhoff.
Kollumerzwaag S. G. Beerda.
Parrega, T. Reitsma.
Tjalhuizum, B. de Boer.
Wierum, T. Walte

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

Op 20 juny 1906 komt Bokke Gerrits de Boer te ferstjerren. Op syn dea-akte stiet dat Rein Hettinga en Siek Bruinsma, beide boer, wenjend yn Tsjalhuzum, de oanbringers binne.

die mij verklaard hebben, dat *Bokke de Boer*, oud drie enzeventig jaren, van beroep arbeider, geboren en wonende te Tjalhuizum, laatst echtgenoot van Rigdje Walinga vroeger van Fetje de Jong, zoon van wijlen de echtelieden, Gerrit de Boer en Titske Spieringa op den *twintigsten* dag der maand *juni*, dezes jaars des *morgens* ten *viyf* ure, te *Tjalhuizum* is overleden.

“ dat Bokke de Boer , oud drie en zeventig jaren, van beroep arbeider, geboren en wonende te Tjalhuizum , laatst echtgenoot van Rigdje Walinga vroeger van Fetje de Jong, zoon van wijlen de echtelieden, Gerrit de Boer en Titske Spieringa “

**** Heden overleed onze geliefde Echtgenoot,
Vader, Behuwd- en Grootvader
BOKKE GERRITS DE BOER,
in den ouderdom van 73 jaren, na eene genoeg-
lijke echtvereniging van ruim 35 jaren.
Tjalhuizum, 20 Juni 1906.
R. WALINGA,
Wed. B. G. DE BOER,
KINDEREN en BEHUWDKINDEREN.
Algemeene kennisgeving.**

LC 25-06-1906

Grêfstien fan Bokke en Richtje op it tsjerkhôf fan Tsjalhuzum.

foto Atse Bruin



Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum



LC 15-02-1909

Yn de LC fan 15 febr. 1909 stiet in “Herberg “ te keap. Der stiet lykwols net by wêr’t de herberch stiet. Soe dit de herberch “Pasveer” yn Tsjalhuzum wêze kinne?

De tekst fan de advertinsje tsjut net op in kommersjeel ynstelde belizzer mar mear op in eigner lykas in tsjerke.

Wy meie wol konkludearje dat de herberch yn 1909 troch de tsjerke ferboud is en net nij boud yn 1910 is, lykas stiet op de side fan de kadastrale kaart.

Nr 2	
	Postcode 8772KL
	Woonplaats Tjalhuizum
	Bouwjaar 1910

Nr 3	
	Postcode 8772KL
	Woonplaats Tjalhuizum
	Bouwjaar 1910

Neffens de side

<https://kadastralekaart.com/> hat de dûbele wente op it plak fan de herberch Pasveer, no it adres Tsjalhuzum nûmer 2 en 3, boudatum 1910



foto Tresoar



foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

By de ferbouwing is de sydgevel rjochtop lutsen en it rût boppe de doar is tichtmakke. De doar en it rûtsje rjochts binne lyk mei de âlde foto. Nei alle gedachten binne de twa rûten links op de foto út 1900 earst yn de sechstiger jierren, doe't grutte ruten populêr waarden, feroare yn ien rût. It plafond yn de wenkeamer is eksakt itselde as dat yn de herberch fan Easterein en moat fan in eardere datum as 1909 wêze.

Mear oanwizingen dy't op in ferbouwing tsjutte, binne noch net fûn.

Tidens de ferbouwing sil it úthingboerd oan it Fries Scheepvaart Museum yn Snits skonken binne. Dit betsjut dat de herberch sletten is en it pân tenei as wenning brûkt wurde sil. It boerd hat de neikommende beskriuwing:



Titel: Uthingboerd fan herberch 'Rust een weinig' yn Tsjalhuzum.

Makker: Unbekend

Datearring: 1900

Ofmjitting: hichte 30.0 sm, lingte 45.5 sm

Beskriuwing: Uthingboerd. Rjochthoekich fan foarm mei in akkoladefoarmige ûnderkant.

Wite letters op brune eftergrûn: 'Pasveer'. Op de oare kant: 'Rêst Hwat'.

Eftergrûnynformaasje: It boerd hong by Pasveer ûnder Tsjalhuzum. De tekst 'Rêst Hwat' is net orizjineel. Oarspronklik stie der 'Rust een weinig'.

Boarne tekst en foto: Kolleksje Fries Scheepvaart Museum Snits

Sneeker Nieuwsblad 8 septimber 1937



It adres is yn 1937 noch ienfâldich:

“ Pasveer Tjalhuizum “

Petrus Adema, lânarbeider, trout op 10 oktober 1937 mei Jantje Hoogeveen en hat nei alle gedachten de advertinsje pleatst om de trouwerij betelje te kinnen. Hy wennet mar in jier yn de eardere herberch en nei him komt Dirk Kooi dy't ek mar in jier bliuwt. Dêrnei komt yn 1939 Daan Hazenberg, hy wennet dêr oan syn ferstjerren yn 1972 ta.

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

Op 12 maaie 1951 ferkeapet tsjerkfâd Sijmen Jeltema út namme fan de tsjerkfâdij fan de Nederdútske- Herfoarme Gemeente fan Ysbrechtum – Tsjalhuzum -Turns:

A) de wenning, pleatslik nûmere mei nûmer 2 yn Tsjalhuzum, oan de hear J. Yntema, konsjerzje, út Ljouwert, foar in bedrach fan fl 1500, -- . It perseel is bekend by it kadaster gemeente Nieuwland seksje A4 nûmer 1052 (âld nûmer 774) besteande út in wenning mei houten berging en hiem, grut trije en sechstich sintiare. It noardeastlike part (omlizzend hiem mei hok) like grut as likernôch in are en 80 sintiare fan perseel nûmer 1053 (âld nûmer 775)

De hikke op de foto fan de herberch út 1900 is de hiemgrins dy't lyk foar it hûs lâns rint.

Súdlik part, sa grut as likernôch acht are en njoggentich sintiare fan perseel nûmer 1275 (âld nûmer 776).

B) de wenning, pleatslik nûmere mei nûmer 3 yn Tsjalhuzum, oan de hear Geert Bos, boere-arbeider, foar in bedrach fan fl 2250, --. It perseel is bekend by it kadaster gemeente Nieuwland seksje A4 nûmer 1053 (âld nûmer 775) besteande út in wenning, hiem en stiennen berging, grut it oerbliuwende part fan 1053, fjouwer are en tsien sintiare. It restearjende noardlike part fan perseel nûmer 1275 (âld nûmer 776) grut likernôch fjirtjin en ien en tachtich sintiare.

Netteplan 1887




foto: Atse Bruin

De ferboude herberch yn 2022 mei links nûmer 2 mei houten skuorre en rjochts nûmer 3 mei stiennen berging.

Dorpscanon van Folsgeare

Pasveer yn Tsjalhuzum

Troch de jierren hinne komme en geane nije bewenners, der mist eins noch in nij úthingboerd mei de namme “Pasveer”, yn oantinken oan de tiid dat beide wenningen noch in herberch wiene.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, Tresoar, collectie Fries Scheepvaartmuseum Snits

Kaartsjes: Netteplan, kadaster

Kranteartikels: Sneeker Nieuwsblad, Leeuwarder Courant, Vriesche Courant

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.